

Dorpscanon van Folsgeare

De Twijnstra bruorren



© Foto: Folsgeare om 1850 hinne

De Twijnstra bruorren

Folsgeare bestiet yn 1850 út in pastorijspleats mei dêrneist de tsjerke en de skoalle. Tsjin'e skoalle oer is de timmersaak fan Johannes Paulus Spiering (no Tsjaerddyk 44), oan de oare kant fan de opfeart / Mieddyk wennet Hans Kreger dy't kûper is (Tsjaerddyk 42). Dêrneist stiet de herberch/winkel fan Epeus Couperus (Tsjaerddyk 38), de winkel fan Kornelis Sjerps Piersma (Tsjaerddyk 36) en as lêste de slachterij fan **Willem Sjerps Twijnstra**. Oan de noardkant, dêr skean tsjinoer, steane it tsjerkehûs noard en "de Tempel".

Willem Sjerps Twijnstra en syn frou Japke Pieters Boomsma hawwe fjouwer soannen: Pieter Willems, Freerk Willems, Sjerp Willems en Gerrit Willems. Oer dizze broers giet dit finster.

Pieter Willems stiet op 23 maart 1850 mei Trijntje Gorrits van der Goot foar de ambtner fan de boargerlike stân en se jouwe elkoar it jawurd. Dit houlik is yn in streamfersnelling rekke troch it ferstjerren fan Pieter Willems syn baas, timmerman Johannes Paulus Spiering yn desimber 1849. Pieter Willems wol no de timmersaak oernimme en mei de stipe fan syn skoanheit, dy't boer is op Walma State, sil dat net in probleem wurde.


Yn 1864 makket timmerman Pieter Willems de bou fan de nije tsjerke yn it doarp dien. Hjirnei makket hy noch in pear wenningen oan de Tsjaerddyk. Hy bout yn 1870 de smidderij nêst de kûperij fan syn broer Freerk. Yn 1871 folget it hûs njonken it hiem fan de pastorijspleats dêr't syn broer Gerrit Willems komt te wenjen (Tsjaerddyk 47) Gelokkich is hy lykwols net, want de nije tsjerke is oan it

Dorpscanon van Folsgeare

De Twijnstra bruorren

fersakjen en opnij opbouwe komt tichtby. De reaksjes út it doarp meitsje dat Pieter Willems yn 1872 it beslút nimt om op te hâlden as timmerman yn Folsgeare. Hy ferkeapet syn timmersaak oan Auke van der Velde. Pieter Willems ferhuzet earst nei Abbegea, wêrnei't hy wer timmerman wurdt yn Huzum ûnder Ljouwert.

Kadaster kaart 1832



Yn 1851 trout de âldste broer **Freerk Willems** mei Fimmigje Ulbes de Boer. Freerk wurdt kûper yn tsjinst fan Hans Meindert Kreger en wennet yn it tsjerkehûs noard. Yn 1857 nimt hy it bedriuw fan Hans Kreger oer en wurdt hy de buorman fan syn broer Pieter Willems.

Yn datselde jier trout syn broer **Sjerp Willems** mei Gerlofke Bijlsma. Sjerp Willems is dan boerefeint yn Nijlân, mar nei harren houlik wenje se yn Folsgeare by syn oare broers. Sjerp wurdt letter slachter/keapman, krekt as syn heit.

Yn 1859 trout **Jan Willems** mei Korneliske Hendriks Harsta. Korneliske is dan tsjinstfaam op de pastorijspleats yn Folsgeare by har tante Ytje Ates Harsta. Jan Willems is boerefeint. Hy en Korneliske binne de earste bewenners fan it nije tsjerkehûs oan de súdkant fan de Tsjaerddyk (no garaazje Hein Damstra). Dit hûs is troch syn broer Pieter Willems boud.

Gerrit Willems, de jongste soan, trout as lêste fan de bruorren yn 1862 mei Anke Joukes Boschma. Anke Joukes is tsjinstfaam yn Easthim en Gerrit is timmerfeint by syn broer Pieter. It jonge pear komt ek yn Folsgeare te wenjen. Gerrit Willems is pas op lettere leeftyd selsstannich timmerman wurden.



Nei it ferstjerren fan Anke Joukes trout hy yn 1873 mei Sjuttje Bergstra út Easthim.

foto argyf DB

Dorpscanon van Folsgeare

De Twijnstra bruorren

De soannen fan Willem Sjerps en Japke Boomsma krije mei elkoar goed 40 bern. Net alle (berns) bern wurde âld en se bliuwe ek net allegearre yn Folsgeare, want it doarp is gewoan te lyts om se allegearre herbergje te kinnen. Willem, Joukje en Feike Sjerps, alle trije bern fan Sjerp Willems, bliuwe al.

Willem Sjerps is keapman en de âldste soan fan Sjerp Willems en Gerlofke Bijlsma. Hy trout yn 1884 mei Nantje van Hasinga. *Joukje Sjerps*, de âldste dochter fan Sjerp Willems en Gerlofke, is yn 1883 troud mei Jaring Zoethout út Heech dy't hûsskilder is. Willem Sjerps ferstjert yn 1893 en syn suster Joukje Sjerps yn 1900. Hjernei trouwe Jaring Zoethout en Nantje van Hasinga yn 1901 mei elkoar. Dit houlik komt ta in ein yn 1910 mei it ferstjerren fan Nantje van Hasinga op 49 jierige leeftyd. Jaring Zoethout trout dêrnei op'e nij mei widdofrou Trijntje Feenstra.



Tsjaerddyk 32, om 1915 hinne.

Boppe de doar stiet :

J.Zoethout

Schilder

foto útjouwerij van der Meulen bv, Snits


Feike Sjerps, feehanneler, wennet nei syn houlik yn 1894 mei Beeuwkjen Zijlstra yn it âlderlik hûs yn Folsgeare. Syn âlden binne op leeftyd en wenje by harren yn oant mem Gerlofke Bijlsma ferstjert yn 1907. Syn heit Sjerp Willems nimt it beslút om nei Warkum te ferhúzjen. As hy siik wurdt, wennet hy tydlik wer by Feike Sjerps en Beeuwkjen. Hy ferstjert yn 1908. Feike Sjerps wennet ta syn dea yn 1936 yn Folsgeare.

Net allinne soan Pieter Willems ferlit Folsgeare. Ek syn broer Jan Willems giet yn 1885 mei syn húshâlding fuort út it doarp.

Jan Willems wurdt boer ûnder Nijlân, dêr't syn âldste soan *Willem Jans* it fak fan boer leart. Willem Jans wennet noch by syn âlden yn Nijlân as hy yn 1897 trout mei Tjiskje Damstra. Willem Jans wurdt keapman yn Nijlân, dêr't yn 1899 harren soan Jan Willems berne wurdt.

Dorpscanon van Folsgeare

De Twijnstra bruorren



Om 1890 hinne wenje de trije broers Freerk, Gerrit & Sjerp noch yn Folsgeare. Freerk is kûper, Sjerp is keapman en Gerrit is timmerman wurden. Feike Nauta en Japke Jans Twijnstra wenje yn de eardere slachterij fan harren heit, dat no in bakkerij wurden is.

Folsgeare 1889

kaartsje Kadaster 1832

Yn 1900 ferstjert op de pastorijspleats yn Folsgeare Eile van der Gaast. Willem Jans giet werom nei Folsgeare en wurdt de nije boer op de pastorijspleats.

Japke Jans is in dochter fan Jan Willems Twijnstra en Korneliske Harsta. Hja wurket yn Folsgeare as tsjinstfaam op de pastorijspleats bij Eile van der Gaast en Ytje Ates Harsta. Ytje Ates is in tante fan har mem en Japke wennet by harren yn. Njonken de pastorijspleats stiet it mastershûs. Hjir wennet Feike Nauta, soon fan it haad fan de skoalle. Japke en Feike trouwe yn 1884.

De eardere slachterij fan pake Willem Sjerps Twijnstra is in bakkerij wurden. Hjir wurdt Feike Nauta bakker (Tsjaerddyk 30/28).

Willem Jans wennet no ticht by syn suster Japke Jans en sweager Feike Nauta. It pear ferhuzet yn 1901 nei Aldegea W.



Willem Jans, yn it wyt, oan it melken yn de jister.

foto argyf DB

Dorpscanon van Folsgeare

De Twijnstra bruorren

Widdofrou Ytje Harsta wennet al fan 1850 ôf op de pleats en se bliuwt wenjen by Willem Jans en syn frou Tjiskje oant se yn 1903 op 94 jierrige leeftyd ferstjert.

Willem Jans en Tjiskje krije yn Folsgeare noch twa soannen, Klaas en Albert, mar allinne Jan Willems, de âldste soan, bliuwt yn it doarp.

Jan Willems trout yn 1923 mei Yke van Zanten fan de Abbegeasterketting. It jonge pear giet nei de komelkerij oan de Tsjaerddyk (nûmer 26) te wenjen. Smid Hein Heinsius hat it pân yn 1905 foar syn dochter Sytske en skoansoan Feike Damstra bouwe litten troch Gerrit Twijnstra. Gerrit is dan timmerman yn de eardere saak fan syn broer Pieter Willems.




Tsjaerddyk 26 om 1935 hinne, mei dêrneist, efter de beam, de komelkerij fan Feike Sjerps.

foto: útjouwerij van der Meulen bv, Snits

Oan de Tsjaerddyk wurde Willem, Thijs, Tjiskje, Ymke en Klaas berne. Allinne Willem en Tjiskje bliuwe yn Folsgeare. Willem trout mei Uilkje Muizelaar en Tjiskje bliuwt nei har houlik mei Sipke Simons Kooistra op Scheender State ûnder Folsgeare wenjen.

Folsgeare begjin jierren '50 mei oan de Tsjaerddyk de hege skuorre nêst nûmer 26.

foto: útjouwerij van der Meulen bv Snits



Dorpscanon van Folsgeare

De Twijnstra bruorren

Jan Willems en Yke wenje op Tsjaerddyk 26 oant de bern de doar út binne. Begjin jierren sechstich sjogge sy om harren hinne op syk nei in lytsere wenning. Yn Folsgeare is lykwols neat te keap en it sjocht der nei út dat se út it doarp fuort gean sille. Krekt yn dit tiidrek is doarpsbelang ûnder lieding fan Aebele Jongsma dwaande om yn Folsgeare nije wenningen te realisearjen. Doarpsbelang oerleit mei Jan en Yke en se kieze foar in nijboudhûs as dat tenminsten boud wurde sil. Uteinlik wurde der yn 1963 trije frijsteande wenningen boud oan de Easthimmerwei (nûmer 2, 4 en 6)

fan Tsjaerddyk nûmer 26.....




foto argyd DB



foto argyf DB

.....nei Easthimmerwei nûmer 6

Jan en Yke ferhúzje nei Easthimmerwei 6 en harren âldste soan Willem Jans en Uilkje Muizelaar ferhúzje fan de arbeiderswente by Scheender State nei Tsjaerddyk 26. It is prachtich wenjen oan de Easthimmerwei en se genietsje fan de bern en de bernsbern dy't regelmjittich del komme. Mar dan wurdt harren soan Willem Jans ernstich siik en hy ferstjert yn july 1966. Dit is in swiere slach foar de âlden, mar Jan Willems kriget noch in grutte klap wannear't syn frou Yke Twijnstra van Zanten ferstjert yn desimber 1969. Jan Willems bliuwt allinne efter.



Jan Willems (links) en Wybren Sweering (midden) oan it biljerten yn it âlde doarpshûs ûnder superfyzje fan Wieger Boonstra (rjochts)

foto argyf Wybren Sweering

Dorpscanon van Folsgeare

De Twijnstra bruorren

Op 1 jannewaris 1992 ferstjert ek Jan Willems Twijnstra en ferdwynt de namme Twijnstra út Folsgeare, dy't begûn mei de komst fan Willem Sjerps Twijnstra yn 1830.

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: útjouwerij van der Meulen bv Snits, argyf Wybren Sweering, argyf DB

Kaartsjes: Kadaster

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.